

Provinsjale Steaten

Ljouwert, 24 jannewaris 2023
Ferstjoerd, **26 JAN. 2023**

Ús merkteken : 02068705
Ôfd/Opjefte : Streekwurk
Opsteld troch : [REDACTED]
Jo merkteken :
Taheakke(n) : Factsheet IMF 2022 en LEADER

Ûnderwerp : Brief by factsheets IMF en LEADER

Achte Steaten,

Yn maart 2022 hawwe wy jimme Steaten fia in brief en factsheets ynformearre oer de resultaten fan it troch Streekwurk útfierde provinsjale Iepen Mienskipsfûns (hjernei IMF) en it Europeeske programma LEADER. Beide regelingen binne rjochte op it fierder bringen fan inisjativen dy't ûnderop yn 'e mienskip ûntsteane en dy't in positive bydrage oan de mienskip en de brede wolfeart leverje.

Foar 2022 hawwe wy foar jimme de IMF resultaten wer yn kaart brocht en yn in factsheet gearfette. Ek fan LEADER fine jimme in factsheet. Omdat de perioade fan dy regeling fan 't jier ôfrint sjogge wy yn dizze factsheet werom op de resultaten fan de hiele LEADER perioade, dy't fan 2014 oant en mei 2022 rûn. Yn beide factsheets wurdt fan sawol it IMF as LEADER oanjûn yn hoe fier't de útfiering in bydrage leveret oan de yn it bestjoersakkoart 'Lok op 1' formulearre doelen. Yn dit brief jouwe wy fierdere ynformaasje oer mear algemiene saken.

IMF yn it koart en ferfolch LEADER programma

Sawol it IMF as LEADER slute as bottom-up regelingen perfekt oan by it nije provinsjale partisipaasjebelied 'Mei-inoar wurkje oan in moai en sterk Fryslân'. De mienskip is yn dizze regelingen oan set en brûkt har tinkkrêft en enerzjy foar it oplossen fan maatskiplike fraachstikken. By mannich projekt dat sa út 'e mienskip wei ûntstiet binne ek de Fryske gemeenten en/of is it Wetterskip belutsen. Moaie foarbylden dy't feitlik bydrage oan ús stribjen om as ien oerheid te wurkjen.

Yn de tredde IMF-tender fan 2022 is besjoen oft it IMF ynset wurde kin om in bydrage oan it Fryske taalbelied te leverjen. As ekstra kritearium, dêr't punten op skoard wurde kinne, is de bydrage dy't in projekt leveret oan de sichtberens en it brûken fan it Frysk en/of in Fryske streektaal meiwoegen. Wy kinne wêromsjen op in slagge eksperimint. Ut in evaluaasje docht

bliken dat yn dizze tredde IMF-tender substansjeel mear inisjatyfnimmers omtinken bestege hawwe oan it Frysk en/of in streektaal.

Ek sette wy sûnt koroana as kolleezje de Streekwurk-organisaasje en de IMF-systematyk hieltyd faker yn om spesifike regelingen foar ien kear út te fieren. Sa is jimme moasje Fiering fan de frijheid koartlyn útfierd troch it iepenstellen fan in saneamde tematender 'Fier de Frijheid'. Dêrby kinne wy weromfalle op it jierrenlang opboude netwurk en ûnderfining fan Streekwurk. Sa kin de ûntwikkeling en útfiering fan regelingen effisjint en mei lege fêste kosten opakt wurde.

It IMF rint noch oant de ein fan dit jier troch. It kolleezje stelt yn 2023 noch trije subsydzjetenders iepen. Mei-inoar is der foar dit lêste jier noch in budzjet fan 2 miljoen euro beskikber om projekten te stypjen. Projekten dy't Fryslân moaier en leefberder meitsje c.q. in bydrage leverje oan de brede wolfeart. It kolleezje kin inisjativen mei op syn meast 40% subsydzje stypje. De inisjatyfnimmers binne sels ferantwurdlik foar it oare part fan de finansiering. Dat makket dat it IMF yn 2022 op 'en nij in multiplier hie fan 4.9 en lit sjen dat der in soad draachflak foar it IMF is. Ek soarget it IMF foar in soad ienigens en ynset fan frijwilligers (sjoch taheakke IMF factsheet).

Tefredenheidsûndersyk by inisjatyfnimmers

Yn 'e simmer fan 2022 is ek wer frege hoe tefreden oft de inisjatyfnimmers oer it IMF binne. Sa'n 100 respondinten hawwe de online-enkête ynfolle. Yn 'e enkête waard yngien op 'e wurkwiize fan ús fûns, taalgebrûk, berikberens, de regeling sels, ferbetterpunten en saken dy't it meast wurdearre wurde. Dêr die út bliken dat it persoanlike kontakt mei de projektadviseurs tige op priis steld wurdt. It meitinken oer it kontakt lizzen mei oare fûnsen en it helpen mei it goed op papier krijen fan de plannen wurdt as tige posityf field. As ferbetterpunt kom ien punt sterk nei foaren: de fysike wiize fan yntsjinjen wurdt as âlderwetsk field, der soe ynset wurde moatte op digitalisearring fan it IMF. By de twadde tender fan it lepen Mienskipfûns 2023 sil it digitale oanfraachformulier brûkt wurde. Ek sil der dan in IMF dashboard lansearre wurde, dêr't yntsjinners de skoare fan harren projekt op folgje kinne en mei oare mienskipsinisjativen ferlykje kinne. Oer it gehiel sjoen is de inisjatyfnimmer tefreden oant hiel tefreden oer it lepen Mienskipfûns.

Taljochting by de IMF Factsheet

Yn 2022 sjogge wy in tanimmen fan it tal ynwillige subsydzje-oanfragen foar moetingplakken yn de brede sin fan it wurd (fan 54 nei 71). Fierder is it tal inisjativen dat omtinken oan natuer en miljeu besteget tanommen.

Yn de taheakke IMF factsheet steane de resultaten fan it jier 2022. Omdat de koälysjeperiode hast ôfrûn is hawwe wy as kolleezje ek de totale resultaten fan 2019 ôf ynsichtlik makke. Yn dizze perioade is it neikommende berikt:

	Opbringst
Totaal oantal yntsjinne projekten	1.674
Totaal oantal ynwillige projekten	1.050
Totaal oan subsydzje útkeard	€ 15.624.955
Totale projektkosten/ynvestearring	€ 76.241.526
Multiplier provinsjale bydrage	4,9

It yn it bestjoersakkoart Lok op 1 opnommen resultaat (nûmer 28) dat der mei stipe fan it lepen Mienskipfûns op syn minst 750 leefberensprojekten yn Fryslân realisearre binne is dus dûbel en dwers helle.

Taljochting by de LEADER Factsheet

2022 wie it lêste jier foar de hjoeddeistige LEADER- perioade. Yn de beide LEADER gebieten Noardeast en Noardwest Fryslân binne yn dit lêste jier noch 15 projekten posityf troch de advyskommisje beoardiele. Mei it Plattelânsûntwikkelingsprogramma (POP3) jout Provinsje Fryslân ynfolging oan it Europeeske plattelânsbelied, ûnderdiel fan it Mienskiplik lânboubelied (GLB). LEADER makket hjir diel fan út.

Yn de taheakke LEADER factsheet steane de resultaten dy't sûnt it úteinsetten fan de LEADER perioade helle binne. De LEADER pot is leech mar noch net hielendal útjûn. De lêste beskikkingen wurde op dit stuit opsteld. De sifers dy 't jo hjirûnder sjogge binne de ferwachte sifers nei administrative ôfrûning. Yn dizze perioade is it neikommende berikt:

	Opbringst
Totale EU bydrage	€ 5.322.000
Totale bydrage gemeenten	€ 870.020
Totale provinsjale bydrage	€ 4.301.980
Totaalbedrach oan ferliende beskikkings troch SNN	> € 10.000.000
Totaal oantal ynwillige projekten	73
Totale projektkosten/ynvestearring ynkl. eigen bydrage	± € 43.200.000
Multiplier provinsjale bydrage	> 10

De finansiering fan LEADER subsydzje is in part fan Europa, oanfolt mei in like sa grut part fan lokale oerheden, sa as Gemeenten en Provinsje. Derneist moat de inisjatyfnimmer op syn minst in like grut diel as it totale subsydzje bedrach sels ynbringe. Boppeneamde resultaten binne mei reden wêrom't it kolleezje foar de nije LEADER-perioade (2023-2027) mei in trajekt fan foarferkenning úteinset is, wêrby't de mienskip yn de ûnderskate regio's befrege wurdt nei harren belangstelling foar it dielnimmen oan in oansteande nije LEADER-perioade. Dat trajekt wurdt troch de provinsje fasilitearre en ferrint fia de projektburo's fan Streekwurk. Dat moat úteinlik liede ta de oanwizing fan de Fryske LEADER-gebieten foar dy nije perioade, wêrnei wy de Fryske kofinansiering foarlizze.

Ta beslút ferwize wy jimme nei ús webside: Op dizze side <https://www.streekwurk.frl/projectenkaart/> stiet in kaart mei alle projekten dy't fia in IMF-subsydzje realisearre binne. Wolle jo mear oer it lepen Mienskipsfûns witte? Kom dan op 2 febrewaris nei de IMF-jûn yn het Posthuis Teater yn it Hearrenfean. Neiere ynformaasje dêroer folget noch.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris

foar dizze drs. A.L. Piet, loko-sekretaris




LEADER Noordoost- en Noordwest-Fryslân

LEADER is een Europees subsidieprogramma voor de versterking van het platteland. Er zijn in Nederland 20 LEADER gebieden, waarvan Noordoost- en Noordwest-Fryslân er twee zijn. Wat houdt het in en hoe draagt het bij aan de brede welvaart in Fryslân?


LEADER IN NEDERLAND

Er zijn 20 LEADER gebieden, waaronder Noordoost- en Noordwest-Fryslân.




DE METHODE

LEADER is behalve geld ook een specifieke aanpak voor plattelandontwikkeling en kent zes speerpunten.



HET PROGRAMMA

De lokale ontwikkelingsstrategie (LOS) van Noordwest-Fryslân heeft als motto: 'Werk maken van burgerinitiatief!' Voor Noordoost is het motto: 'Dorpen aan zet!'.



Thema's:



Noordoost:

- versterken van de sociale cohesie
- stimuleren van de zelfsturing van dorpen
- stimuleren van sociaal ondernemerschap



Noordwest:

- sociale innovatie
- relatie stad-platteland

LOKALE ACTIE GROEP (LAG)

De Lokale Actie Groep (LAG) beoordeelt de subsidieaanvragen, maar doet meer dan dat.

De LAG is samengesteld uit vertegenwoordigers van lokale overheden, ondernemers en burgers uit de regio.

Wat doet de LAG?



Informeren



Activeren



Faciliteren



Beoordelen van aanvragen

LEADER overzicht 2017-2022

Het Europees LEADER-programma stimuleert veelbelovende initiatieven uit de samenleving voor het bevorderen van de leefbaarheid in plattenslandsgebieden. De provincie ondersteunt de uitvoering van het programma in de regio's Noordoost- en Noordwest-Fryslân.

Brede welvaart

Binnen het huidige bestuursakkoord is brede welvaart een belangrijk speerpunt. Met de LEADER-projecten dragen we hier op diverse onderdelen aan bij. In het provinciale bestuursakkoord staan er bij elk resultaat meerdere pictogrammen afgebeeld. De pictogrammen verwijzen naar een onderdeel van de brede welvaart. In het volgende schema geven we met dezelfde pictogrammen de onderdelen aan waar de LEADER-projecten aan hebben bijgedragen.

Pictogrammen bestuursakkoord



Realisatie Actielijnen

Bij aanvang van het LEADER-programma zijn er regiogebonden doelstellingen vertaald in actielijnen. Per actielijn zijn er projecten gehonoreerd. Een project kan overigens meerdere actielijnen bedienen. Sinds 2017 is het LEADER-programma open voor projectaanvragen. Hieronder het overzicht van het aantal gehonoreerde projecten per actielijn.

NOORDOOST FRYSLÂN

ACTIELIJN	DRAAGT BIJ AAN	AANTAL
I NIEUWE ONTMOETINGSPLAATSEN		32
II ZORGEN VOOR ELKAAR		11
III TRAINING BURGERINITIATIEF		-
IV LERENDE DORPEN		9
V ZELFVOORZIENENDE DORPEN		28
VI NIEUWE VERDIENMODELLEN		15

NOORDWEST FRYSLÂN

ACTIELIJN	DRAAGT BIJ AAN	AANTAL
I ZELFSTURENDE DORPEN		13
II NIEUWE VERDIENMODELLEN INITIËREN		18
III ON- EN OFFLINE BEDRIJVIGHEID VERBINDEN		3
IV SOCIAAL ONDERNEMERSCHAP STIMULEREN		5
V ECONOMISCHE IMPULS LWD 2018		9
VI VERDIENMODELLEN VOOR CULTUURHISTORIE		14
VII PRAKTISCHE KRINGLOPEN		6

De subsidiebijdrage wordt uitgekeerd door Samenwerkingsverband Noord-Nederland (SNN) en bedraagt maximaal 50% van de totale kosten van een project (maximaal 150.000 euro). De minimale subsidiebijdrage is 43.750 euro. Dat betekent dat een project een minimale omvang nodig heeft van 87.500 euro.

IMPACT PER (REEDS) GEÏNVESTEERDE EURO 2017 - 2022



Iedere euro die de provincie heeft geïnvesteerd in de cofinanciering van LEADER-projecten, is meer dan vertienvoudigd door bijdragen van Europa, gemeenten, private partijen en fondsen.



Europees Landbouwfonds voor Plattelandsontwikkeling: Europa investeert in zijn platteland

Het Iepen Mienskipsfûns (IMF) is een open en toegankelijke subsidieregeling voor initiatieven vanuit de mienskip. Via het Iepen Mienskipsfûns stelt provincie Fryslân geld beschikbaar om projecten van inwoners verder helpen. Projecten die ervoor zorgen dat je prettig kunt wonen in je wijk, dorp of stad. Ideeën die je leefomgeving laten bruisen en bouwen aan de toekomst van Fryslân.

IMF resultaten 2022

TOTAAL VERSTREKTE IMF-SUBSIDIE 2022

€ 3.462.098

TOTALE INVESTERING DOOR DE MIENSKIPMIENSKIP 2022

€ 16.927.070


TOTAAL AANTAL INGEDIENDE EN GEHONOREERDE IMF-AANVRAGEN 2022

Ingediend | 378


Gehonoreerd | 202

- Ingetrokken door initiatiefnemer
- Juridisch geweigerd
- Kwalitatief onvoldoende en/of te weinig punten
- Geen budget meer beschikbaar

Reden niet honoreren | 2022



AANTAL GEHONOREERDE AANVRAGEN PER REGIO



Regio	Aantal gehonoreerde aanvragen 2022
Waddeneilanden	33
Noordoost Fryslân	41
Noordwest Fryslân	48
Zuidwest Fryslân	42
Zuidoost Fryslân	38

EEN KLEINE BIJDRAGE UIT HET IEPE MIENSKIPSFÛNS LEIDT TOT EEN GROTE INVESTERING IN DE LEEFBAARHEID IN FRYSLÂN

in
Totale bijdrage provincie Fryslân via IMF
€ 3.462.098 en advisering via regiokantoren

Fryske Mienskip



Aansluiting bij het bestuursakkoord 2019-2023

“Geluk op 1” voor het jaar 2022:

THEMA BESTUURSAKKOORD	2022	
	AANTAL GEHONOREERDE INITIATIEVEN	TOTALE IMF BIJDRAGE IN €
 WELZIJN / SOCIALE SAMENHANG Leefbaarheid, verbinding en ontmoeting zorgt voor tevreden inwoners incl. dorpshuizen en schoolpleinen	202	3.462.098
	71 (ontmoetingsplekken) ¹	1.698.047
 GEZONDHEID Vitale, bewegende en gezonde bevolking incl. sport + evenementen.	34	862.559
 MAATSCHAPPELIJKE BETROKKENHEID Voldoende vrijwilligers en betrokkenheid bij het openbaar bestuur.	202 ²	3.462.098
 KLIMAAT EN ENERGIE Vermindering CO ² uitstoot door opwekken duurzame energie en energiebesparing.	35	807.674
 NATUUR EN MILIEU Hoogwaardige natuur, landschap, biodiversiteit en waterkwaliteit.	52	1.023.998
 WERK EN INKOMEN Circulaire economie, innovatie en toereikende beroepsbevolking.	10	221.206
 BEREIKBAARHEID Toegankelijke en toeristisch gastvrije provincie.	37	710.413
 OPLEIDING Opleidingsniveau op orde, Friese taal zichtbaar en groeiend.	20 (taal)	348.096
	9 (onderwijs)	170.270
	13 (schoolpleinen) ³	188.897
 WONEN Voldoende passende flexibele en duurzame huisvesting en aangenaam leefklimaat door erfgoed, cultuur incl. evenementen.	46 (cultuur)	460.724
	20 (erfgoed)	270.590
	0 (wonen)	0

Het totaal van het aantal bediende thema's en bedragen overstijgt het aantal gehonoreerde projecten omdat diverse projecten een bijdrage leveren aan meerdere thema's.

Opmerkingen

- 1 Definitie ontmoetingsplekken: een locatie die voor iedereen uit het dorp of stad, ongeacht godsdienstige of politieke overtuiging, vrij en onbeperkt toegankelijk is ten behoeve van verenigingsleven en sociaal-culturele activiteiten met multifunctioneel gebruik van de beschikbare ruimte(s).
- 2 IMF initiatieven ontstaan in de mienskip en kennen een hoge mate van vrijwillige inzet. Daarom leveren alle IMF initiatieven een bijdrage aan dit thema.
- 3 Alle investeringen in schoolpleinen zijn hierin meegenomen. Als er meer doelgroepen dan enkel de schooljeugd worden gefaciliteerd dan wordt het plein ook als ontmoetingsplek beschouwd.